# ZON-DAG BOEK



**PROTESTANTSE GEMEENTE**
**Wurdum Fr e.o.**
**Himmelfeart**
**Tongersdei 02 juni 2011**

## Dautraapje



Moarns om healwei achten komme der in tritich minsken gear by de Fikarij.
Sy geane te rinnen.
Martje verteld dat het thema is: ´Ontmoeten en afscheid'.
Dat ommers is ek wer it mei Himmelfeart oer giet... Elts hat wol ris sa'n bysûndere moeting hawn werbei je fuort dernei ek wer ófskied nimme moatte. Sy stelt út om deroer nei te tinken en yn stilte nei Swichum te rinnen... Der moetsje wy elkoar dan wer..



## Swichum

Op it tsjerkehôf fan Swichum komme wy gear. Tjitske Visswer lêst út Lucas 24:36-53. De frouwen hawwe it lege grêf fûn. It neis feteld oan twa fan de leerlingen. Die giene op paed en fertelden it oan de oare leerlingen. Jezus kam yn harren midden mar pas doet Hy de bôle bruts herkenden sy Him. Wy hawwe allegeare wol in beeld fan Jezus. Wat wy ús earste beeld fan Jezus?



Der tinke wy oer nei oan't de Swichum-merhoeke. Dan geane wy yn petear en sammelje wer bei Jouwsmastate…



## Jouwsmastate

Op it prachtige hôf fan Jouwsmastate is soarge foar Kofje,





thé, broadsjes en in apel.
Der wurd foar ús soarge...
De opmerking wurd makke dat at je sizze wolle hoefolle minsken mei ús op paed binne, dan kin je dat útdrukke mei: "In grêfstien fol".





It smakket hearlik.

Ófskie nimme falt net ta. Germ en Anneke hawwe dizze wike ófskie nam fan harren winkel. Sy sette nou wer in neie stap. En hoe sit dat mei ús? Hawwe wy ek wol ris ófskie nam fan ien en wat die dat mei ús? En at je ófskie nimme gean fan ien.... Der tinke wy oer nei en prate wy oer at we op paed geane nei de tsjerke.





Die kuier giet oer it boerelânpaed, oer de bregjes en troch de griene greide. De kei sjogge ferheard nei ús... en wy...



GENIETSJE!!!







## Tsjerke

Sa komme wy bei tsjerke. De minksen die net mei rinne koene begroetsje ús en wy harren... En koster Jannie wachtet ús op by de doar...

Yn de tsjerke hjit de liturg ús wolkom yn de namme fan de Heit de Soan en de Hillige Geast.



De liturg:
*Hear, ús God,*
*Ferjou ús al wat wy misdien hawwe.*
De gemeente: *En lit ús wer yn frede libje.*
*Amen.*

Wy sjonge SOW 56: 1 en 2.
*'De Heer is opgetogen. Hij steeg boven ons uit'.*

Nei it gebed wurd lêzen Handelingen 1: 1-11. Dat is fansels oer de Himmelfeart fan Jezus.



Dernei sjonge wy:

*"Nim my, nim my sa't ik bin*
*Wiis my hoe't ik wêze sil*
*Set jo segel op myn hert en libje yn my".*

## Meditaasje

Jezus gie bei de leerlingen wei. Segenjend gong hy fuort.
Je kinne sizze dat hy ús allinich liet want Hy gie ommers fuort... mar hy die dat wol ségenjend. Hy toant Syn hannen en ségent ús. Sa giet hy fuort mar sa sil Hy ek wer komme. Jezus giet op

dizze wiize oer romte en tiid hinne om ek bei ús te wêzen. Sa fiere wy ek hjoed ýs frij wêzen en mei elkoar wêzen. Dat wy elkoar ek moetsjen blieuwe!



Wy sjonge mei Linda en Teake:

*"Sjoch, ik bin mei dy, oant de ein fan é tiid"*

## Tankgebed, foarbeden..

En die slúte wy ó troch meielkoar te bidden:

*"Ús Heit yn é himmel*
*Lit jo Namme hillige wurde... "*

## Kollekte

1e kollekte is foar de diaconie.
2e kollekte is foar de tsjerke.

## Blommen

De blommen geane nei koster Jannie omdat sy wer oan de slach is. It blomstik is makke troch Lieuwkje van Lune.



## Gedicht

Sieske Visser is op pylgerstocht west yn Limburg. By it óskied gie it fansels ek oer óskied nimmen. Dêr hearde sy dit gedicht:



Hou me niet vast.
Vanaf hier
heb ik alleen te gaan.
Ik zal altijd
ergens
bij je zijn.
We zijn tochtgenoten
maar hier neem ik afscheid .
Ik neem je lach en je speelsheid mee,
je warmte en je liefde ook.
Maar houd me niet vast
want
ik wil zoals altijd
in vrijheid
mijn eigen weg kunnen gaan.

Claire vanden Abbeele.

## Slotlied en Seine

Wy sjonge Gesang 234: 1

*"Al gong Hy hjirfandinne*
*en naam in wolk Him wei..."*

Liturg: Oer ús hert, oer ús hûs.
Gemeente: de seine fan God
Liturg: Yn ús kommen, yn ús gean
Gemeente: de frede fan God
Liturg: Yn ûs libeen, yn ûs leawen
Gemeente: de leafde fan God
Liturg: Mei God ûs seinigje en bewarje, hjoed en alle dagen.
Gemeente: AMEN

Sa geane wy tige fleurig op hûs oan...

## Meiwurkers

Liturgen: Martje Meijers en Germ Hoekstra
Organisatie: De diacenen.
Koster: Jannie Smids.
Orgel: Bram Postumus.